

Dorpscanon van Folsgeare

OANLIS FOLSGEASTERLEANE



© Foto argyf Wymbritseradiel

Oanlis Folsgeasterleane

Fanút Folsgeare rûn in iuwenâld rinpaad fia Bons nei de Himdyk wêrfan't it earste stik dat by it doarp hearde oant krekt foarby Carpe Diem, yn 1511 de Kerkwech neamd wurdt. Oan de Kerkwech stiene doe seis buorkerijen, wêrfan't der hjoed de dei noch ien oer is. Trije binne troch brân ferlern gien (Strûpenkeal, Folsgearsterleane 2, Breeuwsmappleats) en twa binne ôfbrutsen (Folsgeasterleane 15 en in buorkerij dy't tichtby Folsgeasterleane 2 stien hat). It rinteniershûs, dat letter boud is by de buorkerij fan'e earste Abma's (Folsgeasterleane 2), is ek ferdwûn.

De namme Kerkwech ferdwynt en de dyk wurdt de Leane neamd, oan't dy offisjeel de namme Folsgeasterleane kriget. It is de koartste rûte nei Snits foar de boerefamyljes dy't dêr wenje. Foar de ynwenners fan it doarp wie dit net de bêste, mar wol de koartste rûte nei Snits. Fanút Folsgeare is de rûte oant Carpe Diem noch deselde, mar der wie doe in set oer de opfeart nei de buorkerijen dy't

Dorpscanon van Folsgeare

OANLIS FOLSGEASTERLEANE

by Ysbrechtum hearden. Dêrnei rûnst lâns de mole yn'e rjochting fan Bons om op de Himdyk út te kommen. Dan gongst linksôf nei Snits.



Op dizze kaart fan Eekhoff út 1850 is it rinpaad noch goed te sjen. De buorkerij op Strûpenkeal lei it fierste fan it doarp ôf. It rinpaad fan de terp ôf rûn net, sa as no wol it gefal is, lâns Carpe Diem, mar lâns de yn 1990 ôfbrande buorkerij fan Pieter Lycklama à Nijeholt (Folsgeasterleane 2)

Foar de bewenners fan'e Leane wie it bytiden in hiele toer om mei drûge fuotten yn it doarp te kommen. Yn'e wiete tiid is in net ferhurde paad min te berinnen en hielendal yn'e tsjustere jûnsûren. Mei ljochtmoanne koene je noch in bytsje sjen wer't je rûnen, mei nijmoanne seagen je net in hân foar eagen.



Gesicht op Folsgeare, sjoen fanôf Strûpenkeal. It rinpaad is ûnder de snie ferdûn.

foto Feike van der Velde

Dorpscanon van Folsgeare

OANLIS FOLSGEASTERLEANE

De Leane, sjoen fan it doarp ôf, is hjir noch in net ferhurde rinpaad.

Op'e eftergûn mem en dochter Van der Velde fan Strûpenkeal.



foto Tjeerd de Boer

Op de foto de Folsgeasterleane yn 'e winter doe't de molke noch yn bussen nei it fabryk waard ferfierd.




foto argyf Wymbritseradiel

Dorpscanon van Folsgeare

OANLIS FOLSGEASTERLEANE



foto Atse Bruin

As yn 1974 de nijbou oan'e Leane útein set mei in dûbele wente, wurdt de offisjele namme Folsgeasterleane en krije de buorkerijen de nûmers 2, 4 en 15. It rinteniershûs, letter arbeiderswente by de buorkerij fan Jongsma (letter Pieter Lycklama à Nijeholt), is ûnderwilens

in opslachromte wurden en kriget gjin nûmer mear. De buorkerij op'e terp Strûpenkeal is yn 1973 ôfbrândt en kriget ek gjin nûmer.

De bou aktiviteiten geane troch en nêst de dûbele wente komt in frijsteand hûs.(1976/1977)



De Folsgeasterleane bûten it doarp: It paadsje rjochting de eardere buorkerij fan



foto Atse Bruin

Abma (Folsgeasterleane 15) waard ek wol it "Reade Leantsje" neamd fanwege it feit dat it ferhurde waard mei reade dakpannen. It lêste stik rjochting Carpe Diem hat befluorre west mei gieltsjes, wêrmei de buorkerij syn foarnamens útstriele. Yn'e jierren tachtich is it iepenbiere part in betonpaad wurden. It stik nei de buorkerij fan Abma is op eigen fersyk fan'e bewenners oanlein.

Dorpscanon van Folsgeare

OANLIS FOLSGEASTERLEANE



foto Atse Bruin

Folsgeasterleane rjochting doarp.

Yn 1988 wurdt der oan'e Folsgeasterleane in nij doarpshûs boud dat it nûmer Folsgeasterleane 2a kriget.



foto argyf Wymbritseradiel



foto Atse Bruin

As de Folsgeasterleane fol is, giet de útwreiding fan it doarp troch mei de oanlis fan it Ekersein

Dorpscanon van Folsgeare

OANLIS FOLSGEASTERLEANE

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Atse Bruin, archyf Wymbritseradiel, Tjeerd de Boer, Feike van der Velde

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.